
SKRIFTELIKE FRAGEN (kêst 35 RvO)

Fan	:	<i>Trijntje Albada</i>
Datum fan yntsjinjen	:	15-02-2021
Oan (<i>kar</i>)	:	It kolleezje fan boargemaster en wethâlders
Underwerp	:	Utkomsten tasissing rûnom keukens Patyna
Wize fan beantwurdig	:	Skriftlik (binnen 30 dagen)
Datum tuskentiids antwurd (<i>as it fan tapassing is</i>)	:	
Datum beantwurdig	:	17 maart 2021

Taljochting:

Yn it omfreemjen fan de kommisje Boarger en Mienskip fan 13 jannewaris 2021 hat de FNP fragen steld oer it foarnimmen fan Patyna om alle keukens YN harren soarchsintra yn ús gemeente te sluten. It kolleezje hat hjirop oanjûn mei Patyna yn petear te gean. Yn de skriftelike reaksje op de tasizing lêze we dat der op 28 jannewaris een petear tusken de bestjoerder fan Patyna en de wethâlder plakfûn hat.

It kolleezje wurdt fersocht de folgjende fragen te beantwurdzjen:

1.	Wat binne de konkrete útkomsten fan it petear fan 28 jannewaris?
	<p>Antwurd: Op 28 jannewaris hawwe wy in goed petear hân mei de ried fan bestjoer fan Patyna. Wy hawwe it hân oer de kommunikaasje rjochting kliïnten oer it nije projekt 'Ite en Drinken', en wat dat betsjut foar de minsken dy't der gebrûk fan meitsje.</p> <p>Wy witte dat der ynhâldlik in oerwoegen kar makke is, passend by de kliïnten en doelgroepen dy't 'ite en drinken' by Patyna. Patyna wol yn harren bedriuwsfiering safolle mooglik rekken hâlde mei brûkers fan 'e restauranten en soarget foar ferskate opsjes om likegoed noch mei-inoar te iten. Sa kinne kliïnten kieze om sels in miel te sieden mei help fan begelieding, diels sels iten te sieden en foar in diel kant-en-klear oanleverje te litten, of in miel hielendal kant-en-klear oanleverje te litten. It miel kin dêrnei mei-inoar yn it restaurant of de húskeamer iten wurde.</p> <p>De lokaasjes fan Patyna mei in restaurant bliuwe gewoan iepen. De meiwurkers fan it restaurant binne oanwêzich ûnder it iten, sadat bewenners der mei-inoar of mei gasten ite kinne. Bûten itenstiid wurde de restauranten mear brûkt as aktiviteite- en moetingromte.</p> <p>Wy betrouwe derop dat it fierder op in goede manier troch Patyna oppakt wurdt. En dat Patyna goed mei har bewenners kommunisearret.</p>
2.	Binne der ek noch ferfolchaksjes nei oanlieding fan dit petear?
	<p>Antwurd: Der binne gjin ferfolchaksjes nei oanlieding fan it boppesteande petear. Wol is fan beide kanten oanjûn dat wy inoar op 'e hichte hâlde fan eventuele nije ûntwikkelingen.</p>

Tuskenantwurd (as it fan tapassing is):